

Hite hingizers en trauma's

FD 21-5'11

Romans

troch Yvonne Dijkstra

Tsjinstellingen, dêr draait it om yn *De Fuery*, de nijste roman fan Bouke van der Hem, dy't earder mei *Sloppe opels* (2002), *It poadiumbeest* (2005) en *Stille Tochten* (2006) sjen liet dat er it skriuwersfak behearsket. Kemal Murk Abma, soan fan in earste-generaasje Turkske gastarbeider en in Fryske mem, is al syn hiele libben dwaande om 'derby' te hearren. Hy docht mei oan it keatsen, hellet sels nochris as balkearder de Freule, mar syn ultieme test foar it Nederlanner wêzen is as er him frijwillich oanmeldt foar tsjinst en op fredesmissy nei Bosnië stjoerd wurdt. Dêr komt er lykwols net alhiel sûnder psychyske groeden foarwei.

Kemal, dy't himsels noch in skoft as Murk foarstelt mar ek wol koartwei K. neamd wurdt, kriget in relaasje mei it haad fan de biblioteek yn Delfsyl, in typysk gefal fan *down dating*. De belêzen, yntellektuele en âldere Geke - dy't út in boerelaach komt en ompakt mei har eigen spoeken út it ferline en ûnderoannimmer Kemal binne in ûnwierskynlik stel. Troch de fakkundige fertelstyl fan Van der Hem tweilet de lêzer der lykwols gjin momint oan dat hja by elkoar hearre. Sjochst harren foar dy: Kemal yn 'e Mercedes dy't stiet foar alles wat er dochs mar moai berikt hat, Geke dy't net om wurden



Ut Bosnië komt er net sûnder psychyske groeden wei.

Foto ANP

ferlegen sit en tinkt dat alles oplost wurde kin mei dwaan. Dat Van der Hem skriuwe kin, is net allinnich te sjen oan de betûfte skildering fan persoanaazjes, mar ek oan de op it each nonsjalante wikseling yn perspektyf en ferteltiid. No ris is it personaal, dan wer ik-perspektyf, mar oeral hat it perspektyf in doel en nearne wurdt it rommelich. Knap dien!

Fierders rekket Bouke van der Hem skerp, tige skerp, oan in tal fan aktualiteiten. It krewearjen fan in provinsjestedsjer dat al jierren kampt mei selsoerskatting wurdt like muoiteleas te praat brocht as it nasjonale trauma 'Srebrenica'. Mar ek in hyt hingizer as geloofsfanatisme by moslims en kristenen komt foarby, lykwols sûnder dat Van der Hem him der de fingers oan baarnt. Dat alles mei elkoar makket

fan *De Fuery* in knap skreaun ferhaal is fan in skriuwer dy't sa stadichoan in fêst plak hat yn de Fryske literatuer.

Guozzeflecht

Dat fêste plak hat Ferdinand de Jong, dy't mei *Guozzeflecht* de pinne oppakt, noch net fertsjinne. Syn debút set hiel aardich útein mei in hierling dy't krekt nei de twadde wrâldoarloch foar it Amerikaanske leger in kearnfysikus befrije moat út in Russysk finzenekamp, mar swaait dêrnei sokke nuvere kanten op dat de logika fier te sykjen is. It idee fan it guozze-motyf is op himsels wol hiel aardich, mar te keunstmjittich tapast om wier te oertsjûgjen. It ferhaal hinget ek fan safolle tafallichheden gear, dat sels de meast goedwollende lêzer op in stuit ôfheakket. It slagget De Jong net genôch om dúdlik te meit-

sjen wat it belang fan dit ferhaal is.

It earste haadstik, dat yn Ruslân spilet, docht kwa tematyk sa út en troch tinken oan de Deenske skriuwer Leif Davidsen dy't in soad oer it Eastblok skriuwt - en dat is in kompliment foar De Jong! Op grûn fan it earste haadstik ferwachte ik heal-en-heal mei in troch oarlochsûnderfiningen kwelde Montyn-effich haadpersoan te krijen te hawwen, mar út de rest fan it ferhaal wurdt te min dúdlik wêrom't Jan docht wat er docht. Wylst dat krekt nijsgjirrich west hie. De Jong besiket it wol mei in repeteardjende dream, mar it tema wurdt te oerflakkich út-wurke om te oertsjûgjen.

Faaks komt dat ek trochdat der te min oan 'e ferbylding oerlitten wurdt. De Jong beskriuwt tefolle, en it feit dat er ek noch in relatyf soad koarte sinnen brûkt, soarget derfoar datst as lêzer hast yn in trance rekket. Dat kin maklik, want dyn eigen ferbylding wurdt net bot oan it wurk set by it lêzen fan *Guozzeflecht*.

Sara en sa

En dan noch in boekje fan in hiel oar kaliber, sawol kwa grutte as kwa ynhâld. Wieke de Haan, dy't har taleit op literatuer foar froulju en dat goed docht, hat no in hiel lyts kadoboekje gearstald mei de titel *Sara en sa*. 'In kadootsje', sa stiet te lêzen op it omkaft, 'foar alle froulju dy't fyftich wurde of dat al binne (...) dy't genietsje en om harsels laitsje kinne'. Yn 50

De Haan advizen oan froulju dy't fral delkomme op: goed foar dysels soargje, dysels relativearje en laitsjen bliuwe. Want: 'ek al knapst foar de safolste kear út 'e string, brân

Oeral hat it perspektyf in doel en nearne wurdt it rommelich. Knap dien!

is slimmer'. Kinne je de iene kear om jinsels laitsje, de oare kear binne de soundbites ôfwaaid it neist. Mar dat wurdt wat my oanbelanget hielendal goedmakke troch de yllustraasjes fan Johanna Schuurman, waans prachtige 'dikke dames' yn harren ûnbeskamsumens toane datst goed bist sa ast bist. Al mei al in aardich kadootsje foar froulju dy't Sara sjogge!

i *De Fuery*, Bouke van der Hem, útjouwerij Fryslân, 14,50 euro

i *Guozzeflecht*, Ferdinand de Jong, Friese Pers Boekerij, 15 euro

i *Sara en sa*, Wieke de Haan, útjouwerij Perio,

